


TSJ. GS. DE VRIES

Goede hânnes jarega Sybke Sikes Omgift

**IT
BOEK FAN DE
SWAN**

Take Doinces Sybke Sikes Omgift



plur hânnes jarega Sybke Sikes Omgift

*Swannejacht
en swannemerken yn
Fryslân*



A. B. WIGMAN
Otterl. weg 10
HOENDERLOO G.
Rij. K 6768 no. 273
no 77178

IT BOEK FAN DE SWAN

TSJ. GS. DE VRIES

It boek fan de swan

*Swannejacht
en swannemerken yn
Fryslân*



Printe by: Drukkerij Friesch Dagblad 1959

UTJEFTE: DRUKKERIJ LAVERMAN N.V., DRACHTEN 1959


Wurd foarôf fan de biwurker

It is gjin noflik wurk, in hânskrift út de neilittenskip fan immen foar útjefte to biwurkjen. As it printré leit, hawar, dan kin men út en troch hwat oanfolje en hjir en dêr ris in noat sette, as it jin taliket dat der in lytse ûnkrêktheit is. Mar it hânskrift fan de sa hommels forstoarne Fryske fûgelkenner Tsj. Gs. de Vries wie net printré. De drege wrotter is weinommen, noch foar't er oan in yngripend foroarjen fan syn wurk takommen wie. En doe stie de biwurker foar it swiere krewei, it wurk yn de geast fan de forstoarne ôf to meitsjen. Twa rjochtlinen hied er dêrby fan de skriuwer sels: it wurk moast yn it Frysk forskine en it moast biheind wurde. Dat lêste lei yn 'e reden, om't Z.W.O. der gjin subsydzje foar to missen hie en de Fryske Akademy der dus allinne foar stean moast. Dêrom hat de biwurker dan ek gâns sitaten forfalle litten en hjir en dêr útwreidingen, dy't gjin bitrekking hiene op Fryslân, allyksa. Dat jildt dan binammen foar dat part fan it hânskrift, dat hannele oer de swan yn de sêge, om't dêr yntiid in oar wurk oer forskynd is, to witten: Thompson, Stith, *Motiv Index of Folk Literature*, Vol. 2 (Kopenhagen 1956²), s. 34 nr. D 361—361, 1, 1. Troch noaten yn de tekst kin immen, dy't eat oer it swannerjocht yn it bûtenlân witte wol, nou dochs noch de wei fine om sels fierder to sneupen. En dêrtroch koe dit wurk meiïens in suver Frysk wurk wurde. De útjefte kin, tinkt my, sjoen wurde as in hulde fan it Fryske folk oan ien fan de bodders yn de Fryske striid.

De biwurker hopet, dat er it great bitrouwen net biskamme hat, dat it bistjûr fan de Fryske Akademy yn him steld hat troch him dit wurk op to dragen.

De biwurker:

Mr. N. E. ALGRA.



Eat oer de fûgel

Trije soarten fan swannen binne yn Europa yn it wyld to finen: de *gûlswan*, ek kloekswan of wylde swan neamd, de *lytse* (wylde) *swan* en de *nuete swan* of knobbelswan.

De *gûlswan* hat fan snaffelsein oant sturt in langte fan ornaris sa'n 140 sm.; syn hals is likernôch krekt allike lang as syn lea binne, en it feardek is alhiel wyt. De snaffel is swart, mar fan it each út oan de noastergatten ta of dêr efkes foarby, rint in giele streek, de saneamde waekshûd, en dat is wol ien fan de wichtichste skaeimerken fan dizze swan. Yn it wetter swimt de *gûlswan* faken mei de hals stiif rjocht, wylst de *nuete swan* de hals almeast yn in S-bocht hâldt. Hy hâldt boppedat yn it wetter de wjokken deun tsjin de lea oan en pauwet der net sa mei as de *nuete swan*. Syn poaten binne efkes langer en hy stiet ek wol sa kant op 'e skonken as de *nuete swan*. Yn 'e flecht wjokket er mei de hals rjocht foarút en syn wjokslach jowt net dat eigenaerdige lûd dêr't de namme *swan* („de triljende”) op birêste soe.

Syn snaffel lykwols brûkt er gauris en oer de lûden dy't er hearre lit bistiet gjin ienriedichheit: guon sizze dat se sterk en heech binne en foaral fan tichteby soe it jin yn de earen skrasse dat de holle jin seardocht; wylst oaren dêrfoaroer it tige muzikael achtsje. Noardpoalreizgers — de *gûlswan* briedt allinne yn it hege noarden — hawwe wol sein dat it heart as sulveren beltsjes, ôfwiksele mei fioelen en trompetten. In Ingelsk kolonel hat har lûd sels op muzyk set!¹⁾ Moai wis is dizze swan net as húsdier to hâlden; it is wol ris bisocht, mar it resultaat wie net sa tige.²⁾

De *lytse swan* is noch mar sa'n foech ieu as apart slach bikend; foartiid gie er foar in *gûlswan*, dêr't er dan ek in protte fan wei hat. Hy is lykwols, sa't de namme al seit, lytser fan stik, mar boppedat is de snaffel sa giel net. De flecht is gelyk oan dy fan de *gûlswan* en hy makket ek ûnder it fleanen gjin floitsjend lûd mei de wjokken. Syn stim is sa heech en skel net as dy fan de *gûlswan*, mar sêfter en suver skriemend. Hy briedt yn Europa allinne oan de kust fan de Russyske Iissé, east fan it skiereilân Kanin. Yn 'e winter húsmannet er lykwols faken op de Iselmar, foaral sûnt it lizzen fan de Ofslútdyk, wylst dêrfoaroer de *gûlswan* him hjir mar komselden sjen lit. De *lytse swan* wurdt ek suver nea net nuet makke.

De lêste soarte, de *nuete swan* (*cygnus olor*) briedt hjoeddedei noch

yn it suden fan Sweden, yn Denemarken, yn it noarden fan Dútsklân en Poalen en yn in great part fan Ruslân. Eartiids hat er it, mei men oannimme, ek dien yn it westen fan Dútsklân, yn Ingelân en yn ús lân.

Forlike by de beide foarige soarten is dizze swan de stille kant neist, mar hy is perfoarst net deadsk. Ut en troch sit er hwat yn himsels to knoarjen en inkeldris trompettet er mei in moai klear lûd. Mar de swijsumens wurdt mear as goedmakke troch it floitsjende lûd dat er yn 'e flecht makket. Fierders is er in stik greater as de beide oare soarten: fan snaffelsein oant sturt hellet er folwoeksen maklik sa'n 160 sm. In giele streek oer de snaffel hat er net; dêrfoar yn 't plak hat er (foaral de manlike fûgel) in swarte knobbel op 'e snaffel en sa komt er oan de namme fan knobbelswan. Lyk as by it bisprek fan de gûlswan nei foaren brocht is, hat er de hals jerne yn in S-bocht en pauwet er al gauris.

1) Hawker, „The melody of the wild swan”, yn „Instruction to young sportsmen”, 8th ed., London 1838, p. 261.

2) In foarbyld út tige iere tiden yn it folgjende haedstikje.

De nuete swan

Wy sille ús fierder biheine ta de nuete swan, om't fansels dy allinne foar de swannehâlderij fan bilang is. Hoenear't hja yn Europa op it idé kommen binne om swannen ta húsdieren to meitsjen, witte wy net. Wol stiet it fêst, dat dat by de Germanen al tige ier it gefal wie. Ommers yn ien fan de âldste Germaenske wetten, dy't ús oerlevere binne, komt de swan al foar as „túnfûgel”, dat wol sizze: nuete fûgel. Neffens dy wetstekst (Lex Salica 7, 7) wurdt it stellen fan in nuete kraenfûgel of swan, yn de rjochtstael „túnfûgels” neamd, straft mei trije skellingen, deselde straf dy't stiet op it stellen fan trije geiten.

Dan falt de wale fan de skiednis wer en duorret it iuwen foar't wy wer oanwizings hawwe oer it nuetmeitsjen fan swannen. Sa is der bgl. in teltsje fan Wolf¹⁾ dêr't yn forhelle wurdt hoe't yn 1307 yn Iperen yn West-Flaenderen brullofters yn in boatsje troch de stêdsgrêften fearen dêr't sûnt trije jier twa swannen har honk yn hiene. Wylst nou de brullofters dêr yn 't wetter dobberen, striek der in frjemde swan yn del en de beide oare swannen hiene dat noch mar krekt sjoen of se foelen de ynkringer oan. Dy forwarde him wol, mar de beide oaren wiene him oermânsk. De brullofters hawwe doe de blessearre ynkringer ôfmakke en him tept, en doe founen hja ûnder it feardek in halsbân fan prachtich goud, dêr't yn stie: „Dizze halsbân is dizze swan omlein troch Loadewyk VI, kening fan Frankryk, doe't Karel de Goede yn 1217 to Iperen omkommen is”.

Dit teltsje is faeks net sa tige bitrouber. Wy hawwe lykwols fêstere groun ûnder de fuotten as wy de Noardsé oerstekke en yn Ingelân sjogge. Dêr bistiet in teltsje²⁾ oer de nuete swan fan St. Hugh fan Lincoln, immen dy't yn de 12e ieu yn Ingelân namme hie as nuetmakker fan bisten. Giraldus, de skriuwer fan it teltsje, forhellet hoe't er ris in kear by St. Hugh kaem en doe forbjustere wie fan dy syn jeften om mei bisten to forkearen. As Giraldus dan ek letter ris gâns in keppel greате swannen sjocht — út de biskriuwing docht bliken dat it gûlswannen binne — is er daliks út 'e rie; hy fangt in wyfke en bringt it by St. Hugh. In skoftke letter yt de fûgel út dy syn hannen!

Dit teltsje jowt ús net allinnich it âldste foarbyld fan it nuetmeitsjen fan in wylde swan of gûlswan — en miskien moat op dit

stik fan saken it forhael wol op 'e ljedder sille wurde — mar wichtiger is, dat der doch skoan út nei foaren komt dat it nuetmeitsjen fan swannen doe yn Ingelân al barde.

Yn Hollân moetsje wy it earste birjocht oer de swannehâlderij yn in strafbipaling, dy't Jan van Persijn, hear fan Waterland, opnimt yn it fredesfordrach mei syn ûndersieten (30 des. 1273)³⁾. Wy lêze dêr: „Item, die een swan dootsloege op vyf schellingen en niet meer en sal men ons toe oordeelen”.

Ut de lettere greverekken⁴⁾ fan de Hollânske greven krije wy de yndruk dat der yn Noardhollân, yn Westfryslân dus, in protte swannen hâlden waarden. Der komme bgl. posten foar lyk as: „item ontfaen van vercoften zwanen in Vrieslant van den jare 1343 vorseit 221 pond 16 duiten” en „Summa van vercoften zwanen in Vrieslant van den jare 1344 vorseit van 2132 zwane 169 pond 6 schellingen ½ duit”.⁵⁾ En dizze foarbylden kinne maklik mei mear oare oanfolle wurde. Mar net inkeld yn Westfryslân, ek yn ús Fryslân waarden doedestiids frijhwat swannen hâlden, binammen yn de kontreijen om Himmelum, Skarl, Warns en Starum hinne. It sil sûnder mear dúdlik wêze, dat al dy swannen gjin sierswannen wiene, dat hja dus net safolle swannen hâlden inkeld om to genietsjen fan it steatlik farren oer mar en feart.⁶⁾

Hokker sin hiene de lju der dan by, al dy swannen to hâlden? Om op to iten, soe men tinke kinne. En dy kant wol J. Brouwer ek út as er yn in wurkje seit: „Swanne-iten wier feestiten”⁷⁾ en hy forwiist dêrby nei F. Buitenrust Hettema syn artikeltsje: „Een paar oude Friesche bruiloftszangen” yn de „Navorscher” fan 1908. Mar de biwizen, dy't Buitenrust Hettema der by hellet, binne gjin Fryske biwizen. It earste biwiis dat er jowt spilet yn 1519 op de gearjefte fan Karel van Gelre en Elisabeth van Brunswyk-Luneburg; doe wiene de kleasters fan Sutfen sa „guetwillich geweest omb swanen, kapponen, gansen, vogelen en vethoinre schoen te maken”. It oarde is fan 1370, hwannear't yn Dimter „scepenen ende raet eyne maeltyd (hâlden en) sie eynen swanen hadden doen braden”. Dizze twa gefallen, dy't Buitenrust Hettema wer út de dissertaasje fan jfr. Baudet⁸⁾ helle hat, soe men noch mei in treden oanfolje kinne. Yn de „Beschrijvinge der Stadt ende Meyerye van 's Hertogen-Bossche” fan J. Oudenhoven, Amsterdam 1649, side 9 en 10, wurdt forteld hoe't twa Brabanner slachten har skeel oersljochtsje troch op fêsteljoune in swannemiel to hâlden. Oft der doe yndie in swan oan it spit west hat, of dat hja de swan allinne mar as pronkstik

op 'e tafel hiene, lyk as ek wol barde, witte wy net.⁹⁾

Dochs binne der út ús Fryslân wol inkelde oanwizingen, dat der bytiden yndie swannen yn 'e koken tamakke waarden. Dat sil it gefal west hawwe as hja bgl. „vette swanen” koften, lyk as Aldekleaster docht op 2 april 1573 en 20 jannewaris 1574.¹⁰⁾ Mar in protte barde it net¹¹⁾ en dêrom sille wy nei myn bitinken ôfgean moatte op Gesnerus syn „Historia Animalium”¹²⁾, dêr't de skriuwer yn seit dat, nei't er heard hat, yn Fryslân de swannen fetfuorre en dan pikele waarden, en dêrnei nei forskate kanten útfierd.

De eksport sil yn haedsaek nei Ingelân west hawwe, dêr't swannen der blykber goed yn foelen. Sa skriuwt yn 1496 in skriuwer fan in gesant yn Ingelân yn syn deiboek¹³⁾, dat der doe op de Theems wol ien- oant twatûzen swannen swommen, dy't troch de Ingelsken as einen en gies iten waarden. En by de wijing fan de aertsbiskop fan York yn 1465 lieten hja mar leafst 400 swannen, 2000 gies en 1000 kapoenen oanrukke!¹⁴⁾

1) „Deutsche Märchen und Sagen”, gesammelt und mit Anmerkungen begleitet von J. W. Wolf, Leipzig 1845, Nummer 295.

Dy swan soe dus mear as 90 jier âld west hawwe. Neffens de kronyk fan Medemblik (s. 88) is yn 1672 to Alkmaer in swan fongen, dy't 102 jier âld wie!

2) Sjoch „De Hugone Lincolniensis” cap. XXIX fan Gerald de Barri of Giraldus Cambrensis, útjown foar de Rolls series troch J. F. Dimock, diel 7 fan de wurken fan Giraldus.

Neffens de útjower fan Giraldus' wurken is de skiednis fan de swan „if not his own autograph copy, yet as written and revised and added under his own eye. At any rate it was in all likelihood written before Giraldus' death (circa 1220). It certainly gives us a most correct text and the text probably of Giraldus' last revision”.

3) F. van Mieris, Groot Charterboek der Graaven van Holland enz., I, p. 380.

4) H. G. Hamaker, De rekeningen der grafelijkheid van Holland onder het Henegouwsche huis, II, p. 274/275. (Werken Hist. Gen. Utrecht, nw. reeks nr. 24, 1876).

5) Dizze swannen hawwe, tinkt my, meast jonge bisten west. De priis wiist dêr wol op, bgl. as de rintmaster oantekenet: „Item Claes Hanne Roden, s. (soluit) 96 zwane, 't hondert 7½ pond, fecit 7 pond 4 sc.; Item die selve van 4 eenwinter zwane, 't stic 4 sc. fecit 16 scellinc”. In poun wie 20 skellingen, dus de swannen út de earste post gouwen mar oardel skelling it stik. De fjouwer swannen út de twadde post binne de ienige dy't ik as ienwinter-swannen foun haw tusken de 5785 dy't yn de rekkens foarkomme.

- 6) Lyk as strak bliken dwaen sil, waerd de swan yn greate tallen inkeld hâlden yn de omkriten fan Himmelum, Starum, Hynljippen ensfh., hwat ek op útfier wiist, om't dat yn dy tiden just de Fryske eksportgebieten wiene.
- 7) „Woutir in Tialle”, Magnus-rige 1938, s. 34.
- 8) F. E. J. M. Baudet, „De maaltijd en de keuken in de Middeleeuwen”, Leiden 1904.
- 9) Prof. P. Cassel, „Der Schwan in Sage und Leben”, Berlin 1872. Neffens Anm. XXIX fregen de greven fan Schwarzburg gauris yn Erfurt om „einen schönen, alten, grossen, weissen Schwan zum Schau-essen”.
- 10) Sj. artikel Dr. O. Postma yn It Heitelân 17 (1935), s. 89-90.
- 11) Dat de swan yn Hollân yn elts gefal net sasear as iten sjoen waerd, kin men ôfliede út J. van Maerlant „Der naturen bloeme”, boek III, Vogels; Bibl. Middelned. Letterkunde d. E. Verwijs, dêr't Van Maerlant fan de reiddomp seit (r. 661/2): „Sere wel riet hi te viere, Heren spise eist, want hi is diere”, wylst er fan de swan allinne mar sjongt (r. 799/800): „In sine vloghele es syn cracht, Gherne broet hi bi der gracht.....”
Yn de kokensrekkens fan greven en biskoppen hawwe my nea gjin swannen yn 'e wei west en yn it wurk fan Baudet (sj. noat 8) komt de swan dan ek net foar op de list fan iten fûgels (s. 79-83).
- 12) „In Frisia cygnos saginari et saliri audio ut in deversas regiones evehantur”, C. Gesnerus, Historia Animalium, Liber III, „Qui est de avium natura”, Tiguri 1555, p. 361.
- 13) Deiboek fan de sekretaris fan Capello, gesant fan Venetië, útjown yn de „Camden Society's Transactions” (1849).
- 14) J. H. Gurney, „Early animals of Ornithology”, London 1921, p. 87. Der binne gâns mear foarbylden to neamen, sj. bgl. itselde wurk s. 111 en N. F. Ticehurst, „The early History of the mute swan in England”, British birds vol. XVII, London 1923/24, p. 175 e. f.: „In 1274 swans were a sufficiently common article of food amongst the upper classes of the city of London”.

De swan en de oerheit

Men kin wol oannimme, dat yn de âldste tiden it hâlden fan swannen eltsenien frijstie. Eltse frije hie it rjocht, op syn gebiet fûgels en swannen to hâlden. Mar al ridlik gau yn de midsieuwen, doe't de Frankyske keningen har opsmieten ta oerheit fan de Germaenske folken, komt dêr foroaring yn. Dat stie yn forbân mei de regalia, de rjochten fan de kening. Binammen Karel de Greate hat in bulte yn-floed hawn op de ûntjowing fan dy regalia. De regalia wiene heechheitsrjochten, dat wol sizze rjochten fan de oerheit, mar dan rjochten yn it negative, dus rjochten dy't dêr to finen wiene, dêr't net ien oars rjochten hie. De kening easke alles foar him op, dêr't in oar neat oer to sizzen hie; hy wie de stêhâlder fan God en dus wie de wrâld, foar safier't dy net ûnder syn taforsjoch oan oaren hearde, sines. En de macht fan oaren wie út soarte biheind ta it normale gebrûk. Sa kin men sizze, dat yn in boerelân lyk as Fryslân de rjochten fan de boeren op de groun en de sleatten, fearten ensfh. biheind wiene ta it normale gebrûk fan biweiding en ôfwettering. It rjocht fan de boer op de bosken wie biheind ta it gebrûk yn forbân mei syn bidriuw; hy mocht bgl. ikels sykje foar de bargaen. It wetter mocht er brûke om der fisk út to heljen foar himsels, lykwols net foar de hannel. It leit dan ek yn de reden, dat de swannen, dy't fansels net ta it normale gebrûk fan in boerspul hearden, ek in regael waerden. Nimmen mocht mear swannen hâlde as allinnich de kening. Dy koe fansels syn rjocht wol oerdrage oan oaren, oan de lânshearren, yn Hollân en Fryslân de greven. En dy koene op har bar har rjocht ek wer oerdrage oan de lienmannen.

Hoeneat't de swannehâlderij yn Hollân in regael wurden is, witte wy net. J. Kusters seit der dit fan¹): „Het recht van zwanendrift of zwanenvlot — van uitsluitende zwanenvangst binnen zeker gebied — had zich in Holland reeds in een vroege periode tot een hoogheidsrecht ontwikkeld”. Hy giet dêrby út fan de strafbipaling fan Jan van Persijn, dy't wy earder neamden: „Item, die een swan dootsloeg op vyf schellingen en niet meer en sal men ons toe oordeelen”. My tinkt, Kusters redeneat sa: der stiet net „een van ons swanen”, mar „swan” sûnder mear, en dus biskôge Jan van Persijn alle swannen as sines, om't de boete him ta-oardiele wurdt. It kin wêze, mar wy moatte dochs ek de mooglikheit iepenlitte, dat hjir stilswijend

„een van ons swanen” ûndersteld waard, mei oare wurden dat de bipaling dochs allinne slacht op de swannen fan Jan van Persijn en dat dy fan oaren hjir alhiel net op it aljemint komme. Dúdliker komt it regael út yn in stik fan 1306²⁾, dêr't yn bipaeld wurdt dat „al die swanen, syn si wilt of tam, die voeden in des Graven vri wateringhe, jof in ghemene wateringhe, wisen wi den Grave toe”. Mei oare wurden: op eigen hiem, op eigen gerjochtichheit mei immen wol swannen hâlde, mar sadrê't se dêrbûten komme, forfalle se oan de greve.

Lyk as earder al opmurken is, forkoft de greve ornaris de ienjierrige swannen. Dy waerden dan fan keaplju opkoft en nei Ingelân en faeks ek oare lannen ta útfierd. De greve hâldde sels gewoanwei mar in pear swannen oan, lyk as bliken docht út de lege útjeften oan winterfoer yn de greverekkens fan Hollân³⁾. Sa wurdt troch de „zwane-grave” yn 1343 26 poun 6 duiten útlein om swannen „te vuuken, te vanghen ende te leveren, van sledehuere dair men die zwane op voirde ende van bonen, die si in dien winter aten”, bineffens 7 skellingen „voor bonen, die de oude zwane aten an den Yse”.⁴⁾

Fansels wiene der ek lju, dy't harren net steurden oan it regael fan de greve of fan de lienman, dêr't hy it oan oerdroegen hie. Sa komt der yn de greverekkens foar: „Ontfaen..... in Purmer (van) Hannetgin Herdijn soon, omdat hi swane sloech, 4 pond 10 schellingen”.⁵⁾ Oare straffen haw ik net fine kinnen, mar se moatte der wol west hawwe, hwant yn in sentinsje fan it Hollânske Hof wurdt earne⁶⁾ sein (22 sept. 1553) „dat na de gewoonte der landen van Holland onverbrekelyk onderhouden werde, dat degene, die hem vervorderde eenige zwanen op te halen of te doen ophalen in eenig Pluimgraafschap, gehouden was 't zelfde den Heere te beteren, te weten alzulcke zwanen aan een balk te hangen in een groote zaal ofte andere ruime plaatse, eenen voet van den aarde en dezelfde zwanen met schoone roode tarwe, hem toebehoorende te begieten en te bedekken, zulcx dat men die niet en zien mochte, welke tarwe alsdan verklaart werde verbeurt en geconfisceert tot profijte van den genen, wiens pluimgraafschap en 't regt van dien gevioleerd was geweest”.

It taforsjoch op de swannen fan de greve en syn lienmannen lei by de swanne- of plûmgreven, almeast lju dy't ek it taforsjoch hiene oer de greve syn lannen en wetters, of tollen of tsienden (de swan

hearde by de saneamde „smelle tsienden”) fan him yn pacht hiene. Yn de 15e ieu sjogge wy gauris, dat de greve lju mei plûmgreeskippen bilient.

- 1) J. Kusters, Eenige mededeelingen over Oud-Nederlandsch Jachtrecht, Arnhem 1910, p. 91.
- 2) F. van Mieris, Groot Charterboek enz., I, p. 61/63.
- 3) H. G. Hamaker, De rekeningen der grafelijkheid van Holland enz., II, p. 313/4.
- 4) Id. I, p. 150 (1331): „Ghegheven den knape, die de zwanen bewaerd, van sinen loen 1 jaer 30 schelling ende van ere scuten daertoe ghecoft ende van haver, die die zwanen aten in den winter 16 schellingen”. H. J. Smit, De rekeningen der graven en gravinnen uit het Henegouwsche Huis, (Werken Hist. Gen. 3e serie, 54, 1929); yn de neilêzing oer 1317—1321, side 450, 451, 453, 455, 457, komt ek wer de swannehoeder foar en op s. 457: „Item van coern, dat die swane aten, 12 schelling”, op s. 458: „Item utegheven van coern, dat mins haer Jans swanen aten, 11 aecher haver te 18 duiten 16 schelling 6 duiten”.
- 5) Jan van Persijn hie Waterland oan de greve opdroegen en it as lien weromkrigen. Hy krige doe de helte fan de ynkomsten út dat gebiet, mar de boekhâlder fan de greve, Florans van den Boechurst, hie de administraesje. De boete dêr't it hjir oer giet (út Hamaker, lyk as hjirfoar, I, p. 280) sil dus fordûbele wurde moatte en dat soe, as de earder neamde boete fan fiif skellingen net foroare is, bitsjutte dat dizze Hannetgin 36 swannen kneppele hie.
- 6) Helle út M. C. van Hall, „Over het zinnebeeldige in de oud-Nederlandsche regten” (Bijdr. tot rechtsgeleerdheid en wetgeving XI, 1836), p. 173. Neffens E. van Zurek, Codex Batavus, 2e pr. Delft 1727, p. 778, gie de proseduerre hjir tusken de hearen van Wassenaer, plûmgreven fan Rynlân en Jan Oem van Wyngaerden, baljuw fan den Haech en eigner fan it hûs Cronestein by Leijen. De hearen van Wassenaer hawwe it plûmgreeskip fan Rynlân tiden yn lien hawn. Dat docht bgl. bliken út Van Mieris IV, p. 555 (17 aug. 1420).

De swan yn Fryslân

Yn Fryslân lei de saek frijhwat oars as yn Hollân. Hjir binne yn de midsieuwen alhiel gjin greven, dy't regalia hawwe of oaren der mei bilene. Elts ealman en eltse frije boer hie it rjocht swannen to hâlden en wie dêr net ien forantwurding foar skuldich. Yn 1399 taest Albrecht fan Beijeren dat rjocht dan ek net oan, mar yn it soen mei de Friezen stiet dúdlik omskreaun: „ele man zwanen ende Vogelen te houden nae synre genuechte”. (Schwartzenberg, Groot Placaat en Charterboek van Friesland, I, 291). Alleman, ek de geastliken, diene oan de swannehâlderij mei, lyk as wol bliken docht út de rekkens fan it stift Münster dêr't yn stiet (1490): „item idem tenetur vi cygnos, sed nihil recepi”¹⁾ Oare teksten wize allyksa op it hâlden fan swannen.²⁾ Dat de Friezen op har swannerjocht stiene, docht wol bliken as Fryslân ûnder Albrecht fan Saksen komt. Dan stelt de hartoch de eask dat „alle die swaenen den hertog zouden worden toegewezen”, mar Worp fan Thabor forklearret dat „die heerscappen, steden ende stemmen van Westergoe daerinne (d.w.s. yn de easken fan de hartoch) niet consenteren, besonders om die priesters leenen ende swaenen”. Dizze eask fan de hartoch fine wy dan ek net yn it fordrach dat de Friezen de lêste april 1498 mei him sleaten. Wol hat Albrecht, nei't wy oannimme meije, in plûmgreve oansteld, mar dan allinne mei taforsjoch op de swannehâlderij yn súdlik Fryslân. Yn 1524 kriget Karel V „de pluymgraverije van de swaenen” en as der dan in jier letter in plûmgreve oansteld wurdt, by namme Lytse Boon Benedictus fan Warkum³⁾, stiet yn dy syn ynstruksje û.o. dat hy dy funksje kriget „als dat by tyden van wylen den Hartoeghe van Sassen bedient is geweest”. It is wol wis, dat der yn letter tiden foar hiele Fryslân in plûmgreve oansteld waerd.

Waerd yn de Súdwesthoeke de swannehâlderij bioefene troch de lytse man en wiene it yn trije fan de fiif dielen (t.w. Hinnaerderadiel, Baerderadiel en Menameradiel) de eallju en de einierden, dy't swannehâlder wêze mochten, yn Eastergoa wie it hâlden fan swannen it foarrjocht fan inkeld de eallju (dêr't wy de abten wol by rekkenje kinne). Sa skriuwt de jurist Botte van Holdinga tusken 1564 en 1570 yn syn wurk „De origine antiquitate et situ Phrisiae”⁴⁾ dat yn Eastergoa in stikmannich eallju, to witten de Camminga's, de Eisinga's (yn de Trynwâlden), de Tjaerda's (oan de brêge fan Rinsuma-

geast ta) en de Holdinga's (dêrwei oan Dokkum ta) op dit stik fan saken rjochten hawwe.

Hjir folget nou earst de ynstruksje fan 1525:

1. in den eersten, en mach nyemandt anderen vluchtige zwanen ontweldigen, of gebonden aen een thou setten, ten waer by consente van den gheenen die dezelve toebehoren, op peyne van ses floreenen.
- Opmerking: It „aen een thou setten” is mooglik letter forbean. Wy lêze tominsten yn 1604 (Schw. V, s. 106) dat „door het leycken van de swaenen d'selve schoone heerlycke vogel waer van sich desse provincie alleene heeft te beroemen, geheel verdoelget ende te nyette gebracht werdet”, reden dat foarslein wurdt „de verpachtinge der leycke swaenen voor een jaar vyff ses op te houden”, wylst yn it resolujsjeboek fan Deputearren yn 1610 oantekene wurdt (sneon 10 nov.), dat it „leiken” forbean wurdt „om te verhoeden dat de swaenen die hier te lande wordt gebruikt ende by menigte omt leven coemen”; „leiken” kin tinkt my oars net bitsjutte as „oan 't tsjoar sette”, fgl. „liken” = touwen, „út de liken wêze” ensfh.
2. Item, die een ander diefte van zwanen overseyt ende nyet en bewyst, verbeurt negen floreenen.
 3. Item, die den anderen een jonge zwaen ontmerct, sal verbeuren ses floreenen.
 4. Item, die den anderen een zwaneney beneempt, verbeurt ses floreenen.
 5. Item, die een ey leyt onder een ander zwaen, buyten consent van den gheenen die den ouden zwaen toebehoort, verbeurt drie floreen.
 6. Item, die den anderen een zwaen die pennen uytpluckt, verbeurt een floreen.
 7. Item, die de zwanen jaeget omme pennen te schieten, verbeurt een floreen.
(schieten = sammelje)
 8. Item, nyemandt en mach pennen zoucken 's morgens voor die clock vier slaet, ende nae datse 's avonds acht geslagen is, op peyne van te verbeuren drie floreen.
 9. Item, waer die zwanen hem onthouden ende sitten om jongen voort te brengen op eens anders landt, nyemandt en sal deselve moighen verjaegen, op peyne van te verbeuren ses floreenen; maer die dat landt toebehoort sal moegen van elck paer oude

zwaanen een jonge nemen, oft een ey oft een blanck daervoor.
(een blanck = seils duiten)

10. Item, gheen vogelaers sullen zwanen dooden die bolstaert ende aen de vlooglen gemerct zyn, maer dieselve laeten vliegen, op peyne van te verbeuren een halve floreen.

(bolstaert = Frysk bolsturt, bolears, bolgat, ek: stûpert, d.i. fûgel dy't gewoane fearren hat op it plak fan de sturt, dus fûgel sûnder sturtpinnen; sj. bgl. F. H. Buser, Navorscher dl. 9., 1859, p. 171).

Opmerking: Oer dit artikel hat letter ek noch spul west, sj. Schw. II s. 768/9, en dan wurdt útmakke: „op thiende articule, dat negeen vogelaers sullen zwanen dooden, die bolstart oft aen den vlogels gemerckt zyn, maer sal deselve laeten vliegen op te peyne van te verbeuren drie gulden”.

De boete hat dus nei alle gedachten de swannehâlders to leech west; it forskeel mei de oare boetes wie ek al to great. Nijsgjirrich is, dat der nou skreaun wurdt „bolstart oft aen den vlogels gemerckt”, hwat ek better útkomt, hwant fansels hoegden net alle swannen sawol bolsturte as ek oan de wjokken murken to wêzen. Fierder moatte wy der op wize, dat der doe blykber noch net murken waard oan nebbe en swimfluezen; dat wurdt hjir alteast net neamd.

11. Item, nyemant en sal gaen totten nesten, als die oude zwanen op te nesten zitten, noch dieselve vernestelen by nacht, op peyne van te verbeuren drye floreenen.

Opmerking: Lettere lêzingen, bgl. dy fan 19 july 1529, Schw. II, s. 560, hawwe „by nacht ofte anders”.

12. Item, nyemandt en sal wilde oft onbekende zwanen toe mercken ende zy daernae bekendt wordden, alsdan die selve te vernuegen zonder clachte, die dat onbekende toecompt, ende compt daer clachte, op peyne als dan te verbeuren zes floreenen, te straffen daer en boven; ist dat yemandt zulcx nyet bewyst, dat hy dat onweten daen heeft te berechten.

Opmerking: Yn Schw. II, s. 560, is it slot: „te straffen daeren boeven, ys dat hy zulcx nyet en bewyst onweetent gedaen te hebben”; it artikel wol tinkt my dus oanjaen dat hwa't wittens en mienens swannen fan in oar merkt, dat skikke kin troch de oar deselde of in oare swan werom to jaen; wol er net skikke, dan kriget er in boete, mar fansels net as it net wittens en mienens bard is.

Dit komt oerien mei art. 13 yn de tekst fan 1723 (Titel VI lands-ordonnantie): „Niemand zal wilde noch onbekende zwaanen moogen merken en zoo dezelve daarna bekendt worden zal dezelve gehouden zyn de voorsz. zwaanen aan den eygenaar, op de eerste aanmaaninge over te geven en by aldien hy onwillig is zulks op de eerste aanmaninge te doen, zal alsdan daar te booven verbeuren zes goud guldens, ten profite van den eigenaar”.

13. Item, nyemandt en sal eenige pennen van zwanen moghen coopen dan die pluymgraeff, mits betaelende voor elck hondert ij stuyvers vi deniers, op peyne van drie floreenen.

Opmerkings: Yn 1529: coopen ofte vercoepen. Hjir dus in forfallsje foar de plûmgreve: hy hie in monopoolje fan pinnehannel!

Dit artikel hat letter ek spul oer west. Doe waard bisletten, „dat men in state ende surceance houden sal d' executie van den xiij ende xvien articlen van derselver ordonnancie, ter tyt toe dat men informatie genomen sal hebben, hoe men, in voerleden tyden, d' inhouden van denselven articulen heeft geuseert ende gepractizeert”.

14. Item, indien eenige questie ter cause van den zwanen gebeurde, daervan sal alleenlick die kennisse toecomen den pluymgraeff, die dat berechten zall.

Opmerking: Dizze jurisdiksje is al ridlik gau oergien op it Hof fan Fryslân; sjoch Schw. II, s. 768/9 en III, s. 583.

15. Item, indien yemandt een zwaen vinghe, schoete oft dootsloege, die sal verbeuren twintich floreenen.

Opmerking: Sj. Schw. II, 768/9, dêr't klage wurdt oer dit artikel en bisletten „dat xve article van derselver ordonnantie, alleenlick spreekte ende verstaen behoirt te worden van zwaanen, den keyser als Heere van Vrieslant ofte anderen luyden toebehoirende ende neyt als yemant syn eygen zwanen vanckt, schiet of dootslaet, welcke voorsz. declaratie metten anderen articulen inde voorsz. ordonnantie begrepen, hare Mayesteit geordonniert heeft ende ordonniert mits desen onderhouden te worden all tot wederroupen ende ter tyt toe, dat daer breder inne versien zall zyn”. Sa is dan ek yn 1563 (Schw. III, s. 583) it artikel wurden: „Indien yemandt een ander zwaen dan zyn eygen vinghe, schoote of dootsloech, die sal verbueren twintich florenene”.

16. Item, men en zal gheen zwanen mogen jaegen noch vangen, buyten consent van den pluymgraeff, op peyne van te verbeuren zes floreenen.

Opmerking: Yn 1574 wurdt oan dit artikel tafoege (Analecta, of enige oude ongedrukte schriften van diversen inhoud, Friesland alleen specterende, Leeuwarden 1750, s. 27/29):

„Dit articule spreekte alleenlick ende behoert verstaen te worden volgen verclaeringe op den 28 octobris 1539 aengaende gedaen, van swanen, 't landt of andere luiden toecomende ende niet als iemant syn eygen vanght, schiet of dootslaet”.

17. [Nyemant en zall ongeroeffde swaenen te merckt brenghen, by pene te verbeuren drye floreen, ende dieselve swaen verbuert.]

Opmerking: Dit lêste artikel komt der yn 1529 by. „ongeroeffde” bitsjut: net fan it yngewant ûntdiene fûgels, itselde as „ongecroesde”

yn it stik fan 1539 (Schw. II, s. 756). Yn lettere redaksjes fynt men dan faek wer „ongerooft” en úteinlik, yn 1750, waard dit wurd net mear forstien en makken hja der fan: „met zyn weten geroofde zwaanen” (Ned. Jaarb. 4e dl. (1750), p. 468). S. Binckes, „Verklaaringe van de statuten enz. in Friesland” (Leeuwarden, 1786, dl. IV, tit. VI art. XVI) mient dan ek dat hjir hannele wurdt oer „recepteurs en helers”. It Grinzer jachtrjocht fan 1752 (Ned. Jaarb. 1752, p. 1341 e. f.), dat nei alle gedachten oan it Fryske ûntliend is, hat ek as artikel XXXI: „Niemand sal geroofde zwanen ter markt brengen”.

De artikels út de ynstruksje fan 1525 binne suver allegearre, mei hjir en dêr in lytse foroaring, ûnder de Republyk yn stân bleaun. Hja wurde oardere ûnder it jachtrjocht, lyk as Huber ek docht yn syn „Hedendaegse Rechtgeleertheit”.⁵⁾ Lykwols kin men feilich sizze, dat dizze oardering einliks net doocht; „jacht” bitsjut hjir ommers net „it rjocht fan wyldjeijen”, mar it is synonym mei it Hollânske „zwanendrift, -houdinge, -vlucht, -vlot”, en dêr stiet by foarop, dat men it rjocht hat, nuete swannen to hâlden. Der binne dan wer twa soarten swannejacht to ûnderskieden: foarst de swannejacht yn in biheinde krite; alle swannen dy’t yn dy krite tahâlde, sawol dy’t jins merk drage as dy’t net murken binne, komme jin ta, en dy krite hoecht net biheind to wêzen ta jins eigen lân; en twad, dat men ien of mear swannen, dy’t murken binne, hâlde mei, sûnder dat der dan fan in krite sprake is; jins swannen swimme dan troch de bank yn in oar syn krite. Alhiel bûten de swannejacht stiet it rjocht, fan de plûmgreve jown, om swannen honkfêst oan it tsjoar to hâlden. Dizze foarm sil, tinkt ús, yn haedsaek yn de Súdwesthoeke foarkommen wêze, dêr’t soks mei it each op de eksport wol doel hie.

Sa sjoen wie it theoretysk dan ek net yn oarder, dat de Erfsteedhâlder op groun fan it rjocht om regleminten op de jacht to meitsjen, dat er yn 1748 krige, ek it swannerjocht regele hat. De lju dy’t dy swannejachten hiene, wiene foar in part eigenierden en foar in oar part eallju, wylst kleasters, pastoars en oare geastliken in lyts mindertal foarmen. It is dus net sa, dat allinne de eallju it rjocht fan swannejacht hiene, lyk as wol gauris tocht is. Om dit dúdlik útkomme to litten, hawwe wy yn it hjirefter ôfprinte register fan de oanbring fan de swannejachten fan de fiif dielen safolle mooglik de posten fan de oanbring fan de goune rinte (floreenrinte) der by socht. Sj. „De Aanbreng der Vijf Deelen van 1511 en 1514”, bew. d. J. C. Tjessinga, 5 dln. Utjefte Fryske Akademy, 1942—1954. Der

kinne yn dy forgeliking, ja sterker noch, der sille yn dy forgeliking grif wol flaters sitte, mar dat nimt net wei dat der genôch goed fan wêze moat om dit mei wissichheit fêststelle to kinnen.

Dizze oanbring fan de swannejachten lit ek tige skoan útkomme, dat de eigners fan it rjocht der tige wiis mei wiene. It rjocht sil doe dus jit frijhwat foardiel oplevere hawwe. Dat foroaret lykwols al ridlik gau.

Yn de 18e ieu en letter komt men it swannerjocht net in protte mear tsjin. De swannen lykje dan yn haedsaek noch hâlden to wurden troch eallju dy’t graech guon fan dy steatlike fûgels om har stinzen en states swimme litte.⁶⁾

Yn 1803, as de swannejachten op ’en nij oanbrocht wurde moatte, binne der mar inkelde mear oerbleaun. Nei de Frânske tiid takket it noch helte mear ôf. Sa binne der yn 1856 mar 11 lju, dy’t de forplichte registraesje (forplichte troch de wet fan 6 maart 1852 S 47) oanfreegje; se wenje to Sint Jabik, Roardahuzum, Raerd, Friens, Boazum, Wieuwert, Oentsjerk, Wânswert, Sweins, Dronryp en Bitgum. Lêstneamde wie ien fan it slachte fan de Schwartzbergs en hy hie mear as ien swannejacht, binammen yn Menameradiel, Ljouwert, Ljouwerteradiel en Frjentsjeradiel. In foech tritich jier letter fine wy yn Fryslân mar twa swannejachten mear, to witten ien fan de sate Hoxwier to Mantgum, dat nou noch bistiet, en ien fan Jelgersma-state to Roardahuzum, nei 1887 fordwoun.

Der binne forskate oarsaken foar dit útstjerren oan to wizen: de opkomst fan de kroantsjepinne, om 1840 hinne, hwertroch de swanefear net mear as skriuwerk nedich wie, it brûken fan oar materiaal as bêdfollong, mar foaral it fordwinen út Fryslân wei fan de eallju, dy’t de swannen foar de sier oanhâldden.

De swannejacht fan de sate Hoxwier bistiet noch altyd; der is allinne in pear jier lyn in wichtige foroaring yn kommen troch de jachtwet fan 3 nov. 1954 (S. 523). Foartiid moasten de eigners fan swannejachten — yn 1918 yn Nederlân 8 stiks, to witten 6 yn Grinslân, 1 yn Súdholân en 1 yn Fryslân — alle jierren har rjocht registrearje litte; mar dy plicht forfoel mei de nije wet.⁷⁾ Dêrmei forfoel lykwols ek de bisûndere biskerming, dy’t de hâlders fan swannejachten eartiids krigen, en is der fan it swannerjocht net folle mear oerbleaun. Men kin sizze, dat it swannerjocht nou oars neat is as it saeklik rjocht om op in oar syn groun en yn in oar syn wetter swannen

rinne en swimme to litten.⁸⁾ Dat nimmen in briedende swan forbalje of in swan deadzje mei, folget al út de Fûgelwet fan 1936, dêr't de swan yn biskôge wurdt as in biskerme fûgel.⁹⁾

- 1) Sjoch: Bronnen voor de gesch. der kerkelijke rechtspraak in het bisdom Utrecht, dl I, p. 312. Kleasters, tsjerken en pastoars hiene gauris it rjocht om swannen to hâlden, alhoewol't dat bgl. al by konsily fan Agde (Languedoc) yn 506 forbean wie. Yn in capitulare fan Karel de Greate fan 789 (MG. Cap. III p. 69) waerd ek it bisit fan falken, hauken en hounen forbean en yn 802 (ib. p. 93) ek it hâlden fan sparwers. Dat dizze bipalings yn Fryslân net ûnbikend wiene, blykt wol út de Jurisprudencia Frisica (útj. M. Hettema, Ljouwert 1834, dl. 2, s. 236) „dat hya schellet neen hauken noch oer fugelen halda". Op de posten fan it register fan de oanbring fan swannejachten komme bgl. kleasters foar op Frjentsjeradiel 5 en Menameradiel 7, en pastoars op Hinnaerderadiel 12 en 16.
- 2) Sa bgl. Archyf Grins no. 20, keapbrief fan 1477, dár't de stêd Grins Ywesmahús to Gaest by oernimt „mytten zwanevlucht". En Sipma, Ofr. Oorkonden I, 431, oer bitelling fan swannen (1497).
- 3) Dat Lytse Boon yn Warkum wenne, hie fansels in bitsjutting. Dêr waerden binammen swannen hâlden. Der hawwe dêr mear plûmgreven west. Fan guon, bgl. de lettere Vranck Pyn, Simon van den Dow Vranckezoen, Dyrck Ozierszoen (Schw. II, s. 755) witte wy it wen-plak net, mar yn 1559 blykt in soldaet op it blokhús to Starum plûmgreve to wêzen (Schw. III, s. 45, 51) en yn 1563 is Reyner Sybolts, „exchysmeester" fan Hynljippen it (Schw. III, s. 583). De bitsjutting fan de swannehâlderij yn de Súdwesthoeke komt ek út troch de mear as hûndert „swaneluyden" — hwerfan yn Molkwar 50, yn Koudum en Starum elts 15 en yn Warns en Skarl togearre 25 — dy't neffens de swanneboeken út de midden fan de 16e ieu dêr merken hawwe. Fierder troch it fangen troch de lju út Westfryslân (Noard-hollân) fan swannen mei merken fan eigners út Warkum, Hynljippen, Starum en Molkwar, dêr't yn 1548 gâns klachten oer wiene (P. Merula, „Placaten en ordonnancien op 't stuck van de wildernissen", 's-Grav. 1605, dl. III p. 55/56). En dan fine wy by eintsjebislút ek noch yn 1610 (Analecta, Lwd. 1750 p. 29) in petysje fan plûmgreve Jan Simons, om't in pear lju út Warns mar leafst 33 swanne-aeijen stellen hiene.
- 4) Boetius ab Holdinga, Kroniek, fol. 45r—46v (Ljouwert, Prov. Bibl.): „De holoribus apud Stauriam in grandi lacu, uel interno mari (nunc de Zuiderzee appellato) cateruatim uiuentibus, atque suo more argutum ac dulce maelos cantillantibus, uel cum grato, ac stridulo strepitu uolantibus rursumque lusitantibus, quid aliud dicam, quam quod eius rei uel apud Seuerissimum alterum Catonem gratissimum esse debeat,

amoenissimusque aspectus. Regia Maiestas ut Dominus Phrysiæ habet ibi militem quendam apud arcis prefectum, quem Plumgrauum uocant. hoc est iudicem quendam plumis cygnorum Principis et conquirendis et uendendis et questionibus, que de plumis in eo districtu incidunt, diiudicandis prepositum. Quin et passim in Phrysia presertim Ostergana quidam nobiles, ut illi de Camminga, mox Eysinga, in Trynwolden, deinde Tzyarda usque ad pontem Rensmagesti, unde ad Documum usque illi de Holdingha et præterea alys in locis alij plerique imo et abbates nonnulli olim a nobilibus aliquot ut et cetera plæraque omnia nacti habent suas prærogatiuas et iura quædam regalia, que etiam num seruant libera in certis locis, et districtibus ubi cygnos quisque eorum et cicures et feros aucupatur ique sine ulla contradictione. indicia nimirum liberæ, ueræ ac uetustæ nobilitatis illic adhuc reliquæ. Nemini integrum est in eiusmodi libertatum uel Aucupij locis, etiam suos cicures ne dicam feros holores arripere aut pascere, consuare, præter Dominum eius libertatis uel Aucupij." (Foun en opjown fan Prof. Dr. P. Gerbenzon).

- 5) Iie boek cap. IV, 19: „Zwanen wel wild gevogelte, dus na gemeen recht wel vangen, maar bij ons mag het niemand doen als die daertoe van oudts gerechtigd is, buyten consent van den Plumgraaf 't welke te verstaen is van wilde en ongemerkte zwaenen, die nimant merken mag".
- 6) Dochs komme der noch inkelde forsiken om in nij swannerjocht foar, sa bgl. yn 1864, hwanear't Rinia van Nauta to Hynljippen in swannejacht oanfreget (Prov. Griffy, Ie ôfd. J(acht), stik 195/215 mei konsint).
- 7) Dat registraesje ûnder de nije jachtwet net mear mooglik is, blykt út in skriuwen fan de Minister fan Lânbou fan 17 juny 1955 oan de Kommissaris fan de Keninginne yn Fryslân, as andert op in fraech fan neamde Kommissaris, hoe't hy mei nije registraesjeforsiken oan moast. De Minister skriuwt dan: „Daar in de nieuwe Jachtwet geen bepalingen ten aanzien van de registratie van zwanendrifen en duiventillen zijn gesteld, zal de registratie van zwanendrifen en duiventillen dus voortaan inderdaad achterwege kunnen blijven".
- 8) De Minister fan Lânbou (S. L. Mansholt) hat de swannejachten út de nije jachtwet weilitten om't it hjir giet om: „houderijen van t a m m e zwanen en duiven, welke als zodanig in het kader van een jachtwet niet passen".
- 9) Yn 1869 definiearret de Hege Rie de oprjochting fan in swannejacht as: „het vestigen van een recht van zwanendrift te dien effecte dat daaraan zouden verbonden zijn al de bij de wet daaraan gehechte voorrechten en dus zoowel de bescherming als in art. 34 (fan de Jachtwet fan 1857) bepaald als de verplichting van de eigenaren der gronden palende aan die, waaraan het recht gehecht is, om de gehouden zwanen in hunne wateren of op hunne gronden te dulden en zich van alle stoornis in het broeden en verblijven te onthouden". (Weekblad v. h. Recht, 3097, 1). Nou't de biskerming fan art. 34 forfallen is, bliuwt, liket my ta, allinne it lêste yn stân.

De swannemerken

Doe't bigoun waerd mei it nuetmeitsjen fan swannen en de lju har swannen frij swimme lieten yn de wetters yn de omkriten, wie it fansels saek, de swannen to merken. Sokke merken koene fansels it gaedlikst oanbrocht wurde op 'e nebbe of op 'e poaten. Yn it iene gefal waerden der karnen oan 'e rannen fan de boppeste nebbe makke, yn it oare gefal kamen der ien of mear tekens op 'e poaten, of waerden de swimfluezen spliten of toprieme. In inkelde kear murken hja de ûndernebbe, mar dat wie fansels min to sjen, krekt as de ringen of keatlings om 'e hals, of in skyldtsje mei it stêdswapen op itselde plak, lyk as Utert mei de stêdsswannen die. Yn Fryslân hiene hja noch in oare wize fan merken. Hja knobben de sturten en wjokken op in spesiale manear; yn de swanneboeken wurdt dan praet fan „geknobte vleugels” en „bolstaert”. Hoe dat krekt barde, witte wy net.

